

Oarder foar de earetsjinst te hâlden op snein 16
maart 2025 yn Nieuw Perspectief yn
Hurdegaryp

Foargonger: ds. Teije T. Osinga, Frjentsjer
Oargelist: Marieke van de Meer

Oargelspul
Wolkom út namme fan de tsjerkerie

TARIEDING

Oanfangspsalme: 'Sjong foar God de Hear'
Psalm 81: 1, 2 en 4 (sa mooglik steande)



1 Sjong foar God de Hear, dy't ús lib-ben spar-re!

Ja - kob hat al-ear wit-ten wa't him droech:

dy't de fij - ân sloech en syn folk be-war - re.

2 Set de psalmen yn,
lit de trommen hearre,
slaan de tamboeryn!
Sjoch, de moanne_is rûn,
fier in nij ferbûn,
jong en âld tegearre!

4 Hark, in stimme seit
frjemde, nije dingen:
Alle swierrichheid
giet foarby, Ik jou
troch myn bûn fan trou
jim myn segeningen.

Bemoediging, drompelbea en groetenis

Sjonge: 'Sjong foar God de Hear' –
Psalm 81: 7 en 8 (sa mooglik steande)



8 Libje fan myn trou.
Sis My dyn begearen.
Rop My oan. Ik jou
wat dyn mûle wol,
ivich leafdefol,
machtich as alearen.

Mei de bern: Jong Perspectief

Sjonge op de meldij fan liet 215:

Eltse Snein:

In nije dei, in nij begjin
fan hoop en fan ferwûndering.
It is wer ljocht, sjoch mar rûnom
God lit de mins net iensum gear.

Twadde Snein:

In âld ferhaal giet nea foarby,
God wiist de wei, Hy 's tichteby.
Hy kent dyn angst en it fertriet,
dy ferlitte, dat docht Hy nea.

*Kyriegebed

wêrop antwurde wurdt mei
it sjongen fan it Glorialiet:

'Jezus dy' t syn wei gie' -

Liet 547: 1, 2 en 4



1 Je-zus dy't syn wei gie mei de lib-bens-beam,
hat oan God de Heit de goe-de fruch-ten bean.
refrein:
Ky-ri - e e - lei - son, wês mei ús be - gien,
dat wy 'tlib-ben krij-e, út 'e dea op - stien.

2 Lit ús hjir op ierde
bidde_om Jezus' wil
dat de leave frede ús bewarje sil.

Refrein:

Kyrie eleison, wês mei ús begien,
dat wy ' t libben krije út ' e dea opstien.

4 Lit ús God ferearje,
libje fan it ljocht,
want wêr soen' wy keare hie Hy ús net socht?

Refrein:

Kyrie eleison, wês mei ús begien,
dat wy ' t libben krijeút ' e dea opstien.

Gebed bij de iepening fan de Skriften

Lêze út de Skriften: Lukas 9:28-36

Sjonge: 'Jo binne yn glâns en gloarje' –

Liet 543

1 Jo bin-ne yn glâns en gloar - je
by ús fer-skynd foar - goed,
en yn 'e dea te - loar - gien,
mar striel-je ek noch hjoed.
Hoe moas-ten Jo fer - nea - re
wat wy Jo oan-dien ha.
Dochs la - ket noch, o Hea - re,
jo ljocht ús blin-kend ta.

The image shows a musical score for a song. It consists of eight staves of music, each with a treble clef and a key signature of one flat (B-flat). The time signature is 2/4. The lyrics are written below the notes. The first staff begins with a '1' before the first note. The music is written in a simple, clear style, with notes and rests clearly visible. The lyrics are in Dutch and are written in a simple, clear font. The overall layout is clean and easy to read.

2 Jo marteling, jo pine,
jo wrâldske lijenswei,
jo krúsgong troch ' t ferline,
jo dea noch elke dei,
it strielet foar ús eagen
it blinkt út alle sear,
ûnttein oan leed en pleagen
binn' Jo ús gloarje, Hear.

3 Jo binne_yn glâns en gloarje
by ús ferskynd foargoed,
jo krús sil ús feroarje
jo ljocht jout nije moed.
As wy hast ûndergeane
riist heech jo hearlik byld,
dêr' t wy wer sterk mei steane,
jo gloarje, heilsum myld.

Oargelspul

Sjonge: 'In minsk wêze op ierde' Liet 538

1 In min-ske wê-ze op ier - de,
troch tiid en rom-te gean,
is lib - je fan ge - ne - de
en ei-nich-heid fer-stean,
is lib - je fan de wur-den
dy't God de mins be-skreau
en lyk - as Je - zus wur - de
doe't Him it lib-ben dreau.

2 In minske wêze_op ierde,
troch tiid en romte gean,
is út it wetter rize
en foar de leechte stean,
gjin god fan heger wearde,
gjin ingel en gjin dier,
in libbene, in deade,
in minske_yn wyn en fjoer.

3 As minske_ûnder de sinne
bestean yn romte_en tiid,
dat is de dea fernimme,
de frede en de striid,
de dagen en de nachten,
de honger en de toarst,
de fragen en de klachten,
bekommernis en koarts.

4 As minske_ûnder de sinne
bestean yn romte_en tiid,
dat is de Geast fernimme
dy' t nei it libben liedt;
de neiste bystân biede
en mei Gods wurden gean,
dat is op dizze ierde
it duvelswurk wjerstean.

Gebeden

ôfsletten mei it bidden fan it 'Ús Heit'

Us Heit yn' e himel,
lit jo namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde
op ierde likegoed as yn de himel.
Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden,

sa' t wy ek ús skuldners ferjûn hawwe;
en lit ús net yn fersyking komme,
mar ferlos ús fan 'e kweade.

Want jowes is it keninkryk
en de krêft en de hearlikheid oant yn ivichheid.


Amen.

Kollekte:

1^e Voedselbank Tytsjerksteradiel

2^e Kerk

Slotliet: Al wat fanâlds al oer ús opskreaun is' –
Liet 556: 1, 2 en 3



1 Al wat fan-âlds al oer ús op-skreaun is
sill' Jo fol-brin-ge diz-ze lês-te da-gen,
al-le ge-boa-den wol-le Jo fol-dra-ge,
al-le be-si-king fan 'e wyl-der-nis.

2 Gods skepping dy' t foar minsken
 sletten bleau
 ûntslute Jo, Jo iepenje ús herten,
 dy' t soan fan David binne_en
 man fan smerten,
kening fan Joaden, dy' t de dea ferdreau.

3 Jezus, de flam fan jo oanwêzichheid
 sil yn ús hert in freugdefjoer ûntstekke,
Jo geane_ús foar, Jo sille_ús net ûntbrekke,
 Jo, hegepryster yn der ivichheid.

 Seine
dy' t wy beantwurdzje mei in songen:
 'Amen, amen, amen'

Oargelspul